



FERSLACH DE LEDEGEARKOMSTE FAN IT SKRIUWERSBÛN OP 24 NOVIMBER 2022

Hâlden yn Tresoar, Gysbert Japixc-seal

Oanwêzich: Simen de Jong, Baukje Zijlstra, Elske Kampen, Tialda Hooegeveen, Hein-Jaap Hilarides, Piter Boersma, Sipke de Schiffart, Alex Riemersma, Jan-H. Woudstra, Willem Verf(foars.), Ammerins Moss-de Boer (ferslach).
(Hindirk Hannema is wat letter).

1. Iepening, fêststellen wurklist

De foarsitter iepenet de gearkomste om 19.30 oere en hjit elkenien wolkom, benammen de sprekkers jûn fan De Moanne (Tialda Hooegeveen) en Ensafh. (Piter Boersma).

De folgjende minsken hawwe harren ôfmelden: Tryntsje van der Veer, André Looyenga, Hylke Tromp, Albert Schaafsma, Pier Boorsma, Syds Wiersma, Reina Smeink-Kroodsma.

Besletten wurdt om *Punt 3, Skiedende Bestjoersleden*, nei foaren te skowen en daliks te behanneljen. De leden hawwe neat om ta te foegjen oan de wurklist en dy is hjirby fêststeld.

Skiedende bestjoersleden

It ôfskie fan Trevor en Pier wurdt taljochte. Trevor is earder dit jier al stoppe mei it bestjoerswurk, om't hy him net fine koe yn de wurkwize fan it bestjoer. Pier is spitigernôch troch sykte twongen te stopjen mei it bestjoerswurk.

Wat ferfanging oanbelanget, sykje we noch ien ferfanger yn it bestjoer en wy hoopje dy by de folgjende ALG yn maart/april foardrage te kinnen. It bestjoer soe dan wer 5 leden hawwe.

2. Ferslach ledegearkomste 21-4-2022 (taheakke)

- De foarsitter jout oan dat wy it logo oanpasse moatte nei de nammeferoaring. Net ien fan ús hat goed kontakt mei Wilco Berga (de ûntwerper), hy is ek gjin lid mear. Wy sille besykje der út te kommen. It bestjoer sil besykje ek de "û" konsistint te brûken yn alle oare kommunikaasje. De KvK hat einliks de feroarings yn it bestjoer ferwurke, dat it kin no oangean mei de karbriefferoarings by de notaris.
- De foarsitter jout oan dat wat de fergoeding fan de bestjoersleden oanbelanget, dat no noch yn de begrutting past. Der wurdt noch ûnderhannele mei de Provinsje oer de talage foar it Bûn. Der is noch genôch yn kas (\pm € 16.000) om de fergoeding noch in tiid út te beteljen.
- De foarsitter jout oan dat it wurk oan de reachside dat Trevor die, oernommen is troch Ammerins.
- De foarsitter jout oan dat it meitsjen fan in folder fan de Fryske literatuer yn berie is.
- Op 7 novimber is oerlis mei Tresoar om te sjen hoe sy it Bûn stypje kinne.

3. Weromblik skriuwerswykein 14, 15, 16 oktober op Allardseach

De ferslaggen/ympresjes fan it Wykein binne hast klear. De opset hat goed foldien en it smakket nei mear. Nei 9 jier is it wer even wennen sa'n tradysje. It ferslach wurdt yn de kommende tiid oan de

leden tastjoerd en komt op de reachside. De plannen foar in nij Wykein binne noch ûnwis, mar sadree der mear bekend is, sille dat kommunisearre wurden yn it Ledebulletin.

4. Bestjoersaktiviteiten ôfrûne healjier

Gjin opmerkingen hjiroer.

Der is elke lêste freed fan de moanne in FreMiBu, dus ek moarn wer. Elkenien is wolkom.

5. Omfregjen en sluting 'formele' part

- Alex Riemersma is lid fan *Dingtiid* en hat de portefúlje ûnderwiis. Der binne 5 leden, mei Jan Koster as foarsitter. Der is in fakatuere foar de portefúlje Taal & Kultuer. De fakatuere stiet fan moarn ôf iepen oant 6 jannewaris. It jout in moai grut netwurk en der stiet in fergoeding tsjinoer.
- Alex Riemersma jout ek oan dat Tresoar sûnt in oantal jierren in Tresoar Fellowship hat. Krekt ôfstudearre Master/Bachelor studinten kinne dan 3 moannen oan in projekt te wurkjen yn Tresoar. Dat wurdt regele troch de Freonen foar Tresoar. De foarstellen geane eins altyd oer skiednis, en in inkelde kear oer in literêr ûnderwerp. Se meie net langer as 10 jier lyn ôfstudearre wêze. Ynfo stiet op de reachside en de fraach is om dat ris rûn te stjoeren en sels te sykjen om in ynteressant ûnderwerp.
- Willem Verf is nei de Rede fan Fryslân west en as Skriuwersbûn hienen wy ek in brief skreaun oan de Minister/Provinsje oer de learstoel Frysk. Hy hat nei de Rede noch wat praten mei de minister Hanke Bruins Slot en sy hat wol hert foar it Frysk.
- Simen de Jong freget wêrom't de ledelist net mear op de reachside stiet.
 - o Antwurd: Ien kear yn it jier (of faker) wurdt de list fan nammen en wenplak trochstjoerd, mar de rest mei net om de AVG. Kontakt meitsje kin fia it bestjoer of troch sels te "googeljen".

SKOFT, kofje, tee

Nei it skoft is der in presintaasje oer de twa tiidskriften dy't der binne yn Fryslân oer taal en kultuer: De Moanne en Ensafh.

De Moanne

Tialda Hoogeveen is sûnt jan 21 einredakteur, en Amarins Geveke is haadredakteur. Der is in goede redaksje út de hiele kultuersektor wei, mei 5 leden, û.o. Arjen Hut. De redaksje krijt in fergoeding.

Tialda sels is der sa'n 8 oeren oan kwyt. Der binne ek fêste freelancers dy't mei tips komme.

De Moanne bestiet 21 jier, is twatalich (60% Frysk, 40% NL, leafst mear Frysk). De redaksje is frij om in tiidskrift te meitsjen oer keunst, kultuer, taal ensf., yn de hiele breedte. De Moanne ferskynt 6x yn it jier. Der stiet ek proaza en poëzy yn en der binne gearwurkingen mei byg. Explore the North. Ek wurde der projekten dien foar byg. Oekraïne.

Yn de edysje fan desimber steane bydragen fan de dichters fan Pauper, dat sjocht der prachtich út. Oanlevere wurk wurdt betelle, net de haadpriis, mar it is wol in moai podium foar skriuwers. Wy biede dan ek wol in 'echt' podium op festivals ensafh.

Willem Verf: eins is *Trotwaer* ûnderdiel wurden fan *De Moanne*. Hawwe jim ek ferwachtingen fan ús, hokker soarte stikken soenen jimme hawwe wolle fan de leden fan it Skriuwersbûn?

Tialda Hoogeveen: wy hawwe net altyd genôch romte yn it blêd, mar hawwe ek in reachside. Wy sykje altyd 'nij' talint. En alles is altyd wolkom!

Willem: foar skriuwers is it net fijn as in bydrage ôfwiisd wurdt. Hoe dogge jim dat? Stjoere jim in goede redenearring?

Tialda Hoogeveen: Alles wurdt troch mear minsken lêzen en skriuwers krije feedback, ek wol mei ferbetterpunten. Soms is in stik ek wol goed genôch, mar past it net by *De Moanne*. Stikke moatte

wol literêr wêze. Jonge minsken, mar ek festige talinten binne wolkom. Wy freegje ek wolris minsken om se de romte te jaan foar ris 'wat oars'.

Elske Kampen fynt it in prachtich blêd. Der sit fan alles yn en it sjocht der moai út. In soad fariaasje. It twatalige is net in probleem. De reachside folget se net sa, dat is in soad fan itselde. Se mist *It perron*, dat wie echt in fûnst!

Tialda Hoogeveen jout oan dat de foarmjouwing en fotografy echt moai binne, dat heart der ek by fansels! Foar de reachside binne se dwaande mei in lêzersûndersyk.

De Moanne hat ek te krijen met fergrizing en in weromrinnend ledetal. De takomst is jongere lêzers, mar is de fraach hoe dy te berikken binne en der wurdt sjoen nei nije poadia, nijere media, Tiktok en sa... Der wurdt ek wurke oan in proaza-rubryk, wat anekdoatysk.

Hein-Jaap Hilarides mist de djippere (proaza)stikken en aktualiteit, kritysker stikken, opiny, djippere ynterviews mei skriuwers en sa. *Ensafh.* is wat aktueler op dat flak.

Tialda Hoogeveen jout oan dat der yn 2018 ynhâldlik wol wat feroare is, wat minder opiny. Sy wolle just omdat we wat fierder fan de aktualiteit steane, der wat mear beskôgjend nei sjen. Der is no ek wer in resinsint.

Alex Riemersma is al lid sûnt *Trotwaer* en wil mear witte oer de takomst fan it blêd en de relaasje mei City of Literature.

Tialda Hoogeveen jout oan dat der sûnt 2024/2025 subsydzje is foar it blêd, mar ek foar de reachside en lêzersûndersyk. Der hawwe artikels west oer City of Literature en der is goed kontakt mei Ernst/Tryntsje fan BfF en CoL. Mar Col hat ek gjin ivige garânsje dat se bestean bliuwe, mar sy hawwe wol prachtige projekten. Gearwurking fersterket mekoar. Der is no in oplage fan 900, meast abonnees.

Ensafh.

Piter Boersma fertelt dat *Ensafh.* yn 1972 oprjochte is, as tsjinhinger fan *Trotwaer*, ûnder de namme *Hjir*. Yn 2009 is *Hjir* kombinearre mei *Farsk*, en dat waard *Ensafh.* It is in papieren blêd en hat ek in reachside. It blêd ferskynt 6x jiers op papier en om de 3 dagen wurdt der in nije literêre bydrage op de reachside set, en alle dagen is der farsk nijs. Ien fan de redaksjeleden, Cornelis van der Wal, follet de reachside mei wurk dat de redaksje oanleveret. Gjûn inkelde Nederlânske reachside fan in literêr blêd kin tippe oan de reachside fan *Ensafh* kwa besikersantallen.

It karakter fan it blêd en de kearn is in poadium biede foar nije skriuwers, dy't ek begelieding krije. Harren wurk wurdt bepraten en fan feedback foarsjoen.

Ensafh. is folslein Frysktalich en wol in breed byld jaan fan de Fryske literêre wrâld en skriuwers begeliede, om wurk te meitsjen fan harren potinsje. Dat is ek wolris de krityk fan de subsydzjejouwer (Provinsje jout 36K en it Letteren-fûns 15K), dat it net altyd top-kwaliteit is. It begelieden fan auteurs is ek it dreechste wurk en nimt de measte tiid.

It fuortbestean is net fersekere. Finansjeel wol, mar der moatte wol minsken wêze dy't it redaksjewurk dwaan wolle en kinne. Jonge redaksjeleden komme der wol by, mar dy heakje faak nei in pear jier ôf, of hawwe dan gjin tiid mear om't se sels in soad skriuwe. De redaksje is fan 10 nei 6 redakteuren gien, en der wurde noch minsken socht, mar dat is dreech.

Der binnen safolle goede skriuwers, mar dy publisearje net yn *Ensafh*, sizze se dan. Sommige wolle dat net, om ferskate redenen. Mar dat is yn de NL literêre wrâld krekt sa.

Yn Koroanatiid is der ekstra jild út it Letteren-fûns kommen, mar of dy bydrage bliuwt is net wis. Oer 4 jier is it te besjen of *Ensafh.* der wer by sit. As der finansiering fuort falt, dan sil de betelling oan skriuwers en redaksje wat omleech moatte, want de fêste lesten bliuwe fansels.

Stikken komme der genôch binnen, mar besprekkingen krije is dreech! Kopij wurdt wegere as it net goed genôch is en net geskikt makke wurde kin foar publikaasje.

In redaksje fan seis minsken kin krekt, mar mear soe noflik wêze. De skriuwer, einredakteur en ynternetredakteur krije in frijwilligersbydrage – dat moat ek omdat it jild fan it Letteren-fûns is foar honoraria fan auteurs/oersetters en it redaksjewurk. Dat is foar de profesjonaliteit. Mei de tariven sit *Ensafh.* op itselde nivo as wat de NL tiidskriften betelje (50 euro foar in gedicht, bygelyks).

Willem: is it gjin risiko dat Piter it measte wurk docht? Wat as hy fuort falt?

Piter Boersma: Dat is yndie in risiko, mar it is dreech om in nije einredakteur te finen, faaks dogge (jonge) minsken it ien of twa jier. Eins moat der safolle jild wêze dat in einredakteur goed betelle wurde kin.

Wat de takomst oanbelanget, binne in soad minsken no folle yndividueeler dwaande, dat is ek sa mei it publisearjen fan harren wurk. Nije blêden komme der eins net mear by. *Ensafh.* bliuwt wol in papieren útjefte, want dat wolle auteurs graach. It is in moai kontaktmomint, yn kombinaasje mei digitaal. Mar abonneminten is in ding, minsken wolle har net mear sa fêstlizze. Dat ûnderskriuwt ek Tialda Hoogeveen.

Willem: Wat is de rol fan *Ensafh.* om proaza te befoarderjen?

Piter Boersma: der stiet hieltyd mear proaza yn, yn fergelyk mei poëzy. *De Moanne* is echt foar lêzers, *Ensafh.* is likegoed foar auteurs. Proaza komt benammen yn de papieren edysje, poëzij kin makliker op de reachside. Papier en reachside binne echt skieden. In publikaasje yn in literêr blêd is altyd moai, ek om mei te stjoeren nei in útjouwer mei in manuskript.

De oanwêzigen lêze *Ensafh.* eins allegearre. Hein-Jaap Hilarides jout oan in soad te tankjen te hawwen oan *Hjir* en oan Piter. *Ensafh.* is altyd ferrassend, mei nije nammen en nije, nijsgjirrige dingen. No wer in soad proaza, dat is moai.

Alex Riemersma fûn benammen it spesjale nûmer foar de Rely Jorritsmapriis moai. Dat soarte fan edysjes jout in tiidskrift ek mear status yn de mienskip.

Ensafh. hat no 250-300 lêzers, dat is stabyl, mar it fernijt him wol kontinu. In soad lêzers binne ek skriuwers foar it blêd. Sa't de Fryske literatuer trochgiet, sa giet it mei de lêzers ek troch.

Willem Verf betanket de beide sprekkers.

Rûnfrach

Alex Riemersma hat in twatalich boek mei, oer de Fryske literatuer, útjûn yn it ramt fan de Frankfurter Buchmesse yn 1993. No wol Sytske Poepjes in kulturele Friezen moeting ha mei de Dútsers, dat soe in moai momint wêze om in spesjale útjefte te meitsjen om ús literatuer te presintearjen yn it bûtenlân. As dêr no mei begûn wurdt, kin in moaie blomlêzing makke wurde. It Nordfrysk Ynstitut, It Skriuwersbûn en Afûk soene hjirby gearwurkje kinne.

Nei ôfrin is der noch in gesellige buorrel. De foarsitter winkslet elkenien wol thús.